



**fnp**

**FERKIEZINGSPROGRAM**

---

**2018-2022**

---

**List 3**

**Súdwest-Fryslân**

## Ynhâldsopjefte

De FNP en de basis fan har bestean De 7 kearnwearden	side 3
Haadstik 1. Ús gjalp: GRUTSK	5
Haadstik 2. Hoe komme wy ta dit program?	6
Haadstik 3. Tema 1. Soarch en Wolwêzen	7
Haadstik 4. Tema 2. Leefberens	11
Haadstik 5. Tema 3. Lânskip, de romte om ús hinne	15
FNP en har plak yn de wrâld	17



## ***FNP en har basis fan bestean***

Provinsjaal ha wy as FNP in tal (7) kearnwearden ôfptraat dêr't elke ôfdieling ticht by bliuwe moat. Sis mar: ús libbenswiisheid as it om polityk giet.

---

**Demokrasjy:** De FNP fynt dat de macht oer de oerheid fan it folk is. Minsken moatte safolle mooglik behelle wurde by it iepenbier bestjoer.

**Federalisme:** De FNP stiet in steatsynrjochting foar dy't minsken en lokale mienskippen it foech en de middels jout om de eigen libbensromte safolle mooglik sels stal te jaan. De FNP wol mear foech nei de provinsje, in sterker provinsjaal bestjoer en dêrtroch in sterker Fryslân.

*FNP Súdwest-Fryslân fynt dat de gemeente as earste bestjoerslaach mear foech ha moat om ynfolling te jaan oan oerheidspartisipaasje. De ynwenner oan set en de gemeente yn de stimulearjende en fasilitearjende rol.*

**Ynternasjonalisme:** De FNP siket nei wat minsken bynt en sjocht de wrâld as in federaasje fan mienskippen. Minskerjochten en respekt foar oare kultueren en libbensoertsjûgingen steane dêrby sintraal.

**Taal en kultuer:** Taal en kultuer drage tige by oan de identiteit en dêrmei oan it wolwêzen fan minsken. De FNP wol de Fryske identiteit fersterkje en stiet dêrom noed foar de Fryske taal en kultuer. De FNP makket him sterk foar in Fryslân, dêr't ek oare talen en kultueren respektarre, praktisearre en wurdearre wurde, lykas it Biltsk en it Stellingwarfs.

*FNP-Súdwest-Fryslân stiet folop iepen foar nije ynwenners, hokfoar taal dizze ynwenners ek prate. Súdwest-Fryslân is ryk mei in grut ferskaat oan 'talen' en dialekten. Dat makket ús gemeente ta de omjouwing dêr't wy wiis mei binne.*

**Undernimmerskip:** De FNP wol eigen inisjatyf, kreativiteit, ferantwurdlikheid en ûndernimmerskip de romte jaan, dat minsken en mienskippen by steat binne har optimaal te ûntwikkeljen.

**Solidariteit:** De FNP is in mienskipspartij. Foar it behâld fan de solidariteit moat begryp en respekt fan wjerskanten tusken earm en ryk, jong en âld, sûn en siik behâlden en fersterke wurde, dat nimmen oan de kant komt te stean.

**Duorsumens:** De FNP wol in duorsume wrâld neilitte oan de kommende generaasjes. Yn stee fan potfertarre siket de FNP nei ekonomyske bestearsfoarmen dy't in better lykwicht garandearje tusken konsumearjen en konservearjen.

---

Dizze basis fan ús bestean betsjut dat wy de ynfloed fan ynwenners op harren eigen omjouwing sa folle mooglik stypje wolle. Romte oan eigen inisjatyf mei in folgjende en fasilitearjende gemeentlike organisaasje. Dat dat somtiden betsjut dat gemeentlike regels bûge moatte is net oars. Dêrom binne wy geregeldwei te finen op wurkbesite. Wy wolle witte wat der spilet by ús ynwenners en wêr't de kânsen lizze om de situaasje fan de ynwenners better te meitsjen.

In tal foarbylden út de lêste fjouwer jier?

- Mooglik meitsje dat in Stichting yn Warkum yn eigen behear in swimbad en sporthal bout.
- In skoalle yn Easthim net ferkeapje oan de heechste bieder, mar mooglik meitsje dat hjir apparteminten foar de âlderein komme.
- Doarpsbelang Ferwâlde de kâns jaan om de leechsteande skoalle yn gebrûk te nimmen as doarpshûs.
- Yn Heech de ynwenners sels in grienplan meitsje litte.

By dy eigen ferantwurdlikens heart ek de ferantwurdlikens foar inoar. Wy stimulearje en wêr nedich stypje inisjativen dy't minsken helpe om mei inoar yn ferbining te kommen. Wy binne fan betinken dat wy de wrâld liene fan ús bern en der dus goed op passe moatte. Dat kin allinne as wy it mei-inoar dogge.

Foarbylden út de lêste fjouwer jier?

- In stevich fûnemint lizze ûnder de eksploitaasje fan doarpshuzen mei mooglikheden foar feesten en stipe by it ûnderhâld fan gymmateriaal en de wei frij meitsje om duorsum te wurden.
- Stipe foar doarpsbelangen dy't in fangnet fan soarch organisearje wolle.
- Stypjen fan inisjativen fan groepen om in doarpstún oan te lizzen.
- Sportferieningen stypje by gearwurking.

En dat alles mei respekt foar de romte yn it Fryske lânskip; de wize dêr't wy de dingen op dogge yn Fryslân (beide fuotten op de grûn en each foar inoar); de taal en kultuer, om't dat ús makket ta wa't wy binne!



**Dat betsjut it foar de ynwenners fan Súdwest-Fryslân.**

## Haadstik 1

### Ús gjalp: GRUTSK

De FNP Súdwest-Fryslân is wiis mei in protte minsken, saken en oare dingen. Om dat ek sjen te litten brûke wy de gjalp GRUTSK.

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân op al ús 68 doarpen en 6 stêden.

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân dat 15 doarpen en 15 buorskippen út de gemeente Littenseradiel part wurde wolle fan ús gemeente. Wy hjitte de nije ynwenners hjirby alfêst fan herte wolkom.

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân op al ús ynwenners dy't har hieltyd wer ynsette foar harren neiste meiminske en neiste omjouwing.

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân op de wize wêrop't ynwenners fanâlds mei inoar omgeane. It âlde begryp 'noaberskip' sit hjir noch djip yn ús wêzen en dêr binne wy wiis mei.

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân op ynwenners dy't ree binne om foar in oar klear te stean. De Fryske oanpak.

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân op dy sitewaasjes dêr't de gemeentlike oerheid kâns sjocht om romte te jaan. Wat ynwenners sels kinne sels dwaan litte en stypje en dêr wêr't dat net slagget mei organisearje en fasilitearje.

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân op ús ynwenners dy't graach sa lang as mooglik yn har eigen omjouwing wenjen bliuwe wolle. Op in gemeente dy't dat mei mooglik makket troch passende oanfollingen: each foar foarsjenningen, feilige diken en paden.

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân op ús Fryske taal en kultuer om't it makket ta wa't wy binne. As jo yn Fryslân wenje dan binne jo Frysk en wurde jo ûnderdompele yn de Fryske kultuer. Wy akseptearje dat net elkenien in stevige binning fielt, mar fine wol dat der respekt wêze moat. Grutsk binne wy fansels op âlden dy't de Fryske taal en kultuer oerdrage oan harren bern.

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân op al dy inisjativen oangeande duorsumens: de enerzjy-koöperaasjes; duorsume doarpshuzen; wyk- en doarpstunen. Al dy inisjativen dy't rjocht dogge oan in duorsume wrâld, dy't wy trochjouwe oan ús bern!

**GRUTSK** binne wy as FNP Súdwest-Fryslân op al dy frijwilligers yn de muzyk, sport, kultuer, soarch, tsjerken en ferieningen. Sy soargje mei elkoar foar in libbene mienskip dy't each en ear hat foar inoar.

# GRUTSK



## Haadstik 2

### Hoe komme wy ta dit program?

Om't wy de ynbring fan ús ynwenners heech hawwe binne fansels ek de tema's yn ús program oanrikt troch de ynwenners fan Súdwest-Fryslân, mei in krityske blik der oer fan (skaad)fraksje en fan belutsen bûtensteanders. Om jo in byld te jaan:

- a. Wy ha petearen mei ynwenners hâlden ûnder it kopke 'Op 'e kofje by....' Yn dy gearkomsten ha wy mei ynwenners praten oer har winsken en ideeën foar ús gemeente.
- b. Wy ha kontakt hân mei de FNP-leden en -fraksje yn Littenseradiel.
- c. De (skaad)fraksje hat goed 50 wurkbesites hâlden en mei eigen eagen sjoen wat hiel goed giet en wêr't de kânsen lizze om saken better oan te pakken.
- d. De (skaad)fraksje hat fan tiid ta tiid harsenskrabbe en diskusjearre. Yn twa- en trijetallen út de (skaad)fraksje wei binne de earste pinnestrecken op papier set. Dy binne letter by inoar brocht.
- e. Dêrnei hawwe de (skaad)fraksjeleden it gehiel nochris trochnaam en opnij opmerkingen makke.
- f. It doe ûntstiene konseptprogram is foarlein oan it bestjoer fan de FNP Súdwest-Fryslân.
- g. Dêrnei hawwe de leden fan de FNP Súdwest-Fryslân en Littenseradiel meipraat oer it program en harren winsken foar ferbettering oanbrocht.
- h. It program is doe oanbean oan it bestjoer fan de FNP Súdwest-Fryslân.
- i. It konseptprogram is yn de ledegearkomste fan 12 septimber 2017 fêststeld troch de leden fan de FNP Súdwest-Fryslân ta it program sa't dat no foar jo leit.

Út alle petearen hat bliken dien dat de ynwenners fan Súdwest-Fryslân foaral fragen en opmerkings ha oer trije grutte tema's. Om dy reden ha wy yn dit program ek besocht om dy trije tema's apart te beneamen. Wy hoopje hjirmei in wichtige bydrage te leverjen oan it petear oer it fierder ûntwikkeljen en ferbetterjen fan Soarch & Wolwêzen (tema 1); Leefberens (tema 2) en It lânskip, de romte om ús hinne (tema 3) yn Súdwest-Fryslân.



## Haadstik 3

### Tema 1. Soarch en Wolwêzen

#### ***Oanlieding***

Us ynwenners sjogge in wrâld mei in grut ferskaat oan kânsen en mooglikheden, mar hjir en dêr ek bedrigings. Foar de jongerein is it somtiden in toer om dy kânsen en mooglikheden te ûntdekkjen en dêr gebrûk fan te meitsjen. In goede en passende oplieding is dan fan grut belang. Dêryn wol de FNP Súdwest-Fryslân mear ferantwurdlikens en betrouwen by de juffen en masters lizze. Hja moatte de romte ha om de jongerein optimaal te begelieden.

Us ynwenners kieze (bewust of ûnbewust) foar it langer wenjen yn de eigen omjouwing. Dat soarget oer 't algemien foar in bliuwende en goeie ferbining mei de fertroude omjouwing. Dochs sjogge wy ek in protte minsken dy't op harsels binne. De FNP Súdwest-Fryslân wol romte jaan oan de logyske en besteande netwurken foar soarch foar elkoar. Somtiden binne dit minsken fan in tsjerkemienskip en op in oar plak ien of oare groep frijwilligers. Hjir sjogge wy ek in fasilitearjende rol fanút de gebietstiims. Lytsskalige soarch passet wat de FNP Súdwest-Fryslân oanbelanget better as grutte soarchorganisaasjes.

Us ynwenners beneame it belang fan foarsjennings. De pinautomaat, de dokterspost, de winkels, de skoallen en dêrmei ek wurk, ensfh. It liket as stiet dêrtroch de leefberens yn in kearn swier ûnder druk. FNP Súdwest-Fryslân wol mei de ynwenners yn petear oer de kânsen dy't dit ek jaan kin. En foaral ek om mei elkoar te bepraten wat der nedich is om de leefberens en berikberens fan foarsjennings goed te hâlden.

Us ynwenners sjogge dat hieltyd mear minsken soarch nedich hawwe. Dat betsjut dat der kânsen lizze om soarch tichtby de ynwenner te organisearjen. Professional mei frijwilliger. Dêr leit ek in goede kâns op earlik wurk tichtby. FNP Súdwest-Fryslân set yn op lytsskalige projekten om te kommen ta passende soarch; deibesteging foar de minsken dy't lestich de doar út kinne; yn eltse kearn in goede ferbining realisearje tusken jong en âld, sûne minsken en minsken dy't soarch nedich ha.



## Wat betsjut dat foar ús program?

1.1. Wy fine dat âlders werom falle moatte kinne op stipe by de opfieding fan harren bern. FNP Súdwest-Fryslân wol mei in passende oanpak komme. Alden foar âlden! Wat kinne âlden foar elkoar betsjutte? Hoe bliuw ik as âlder yn petear mei de bern? Wichtige fragen dy't oandacht fertsjinje. Mei-inoar binne wy ferantwurdlik foar it begelieden fan de jongerein nei folwoeksenens.

1.2. De FNP fynt dat skoalpleinen yn de hiele gemeente Súdwest-Fryslân reekfrij wurde moatte. Dit jildt ek foar plakken der't pjutten en beukers boartsje.



1.3. Soarch en wolwêzen is yn it foarste plak dat wat de minsken mei-inoar en foar inoar regelje moatte. Dêrby moat de gemeente net bepale, mar wurkje út de fraach fan 'e ynwenner(s) wei. De gemeente fasilitearret en regissearret. Soarch wurdt op in protte plakken droegen troch mantelsoargers.

### Aksjes

- FNP Súdwest-Fryslân wol soargje dat ynwenners altyd werom falle kinne op stipe yn jild of yn begelieding.
- FNP Súdwest-Fryslân wol wurk meitsje fan de keppeling tusken soarch tichteby ynwenners en it gebietstiid; FNP Súdwest-Fryslân wol dat de gebietstiid sa organisearre wurde dat dy oanslute op de skaal fan de doarpen en wiken. Net in kantoar sintraal, mar dúdlik sichtbere wurkplakken yn alle kearnen.
- De FNP Súdwest-Fryslân fynt dat sport en bewegen in wichtich plak ynnimme moatte binnen it Sosjaal Domy. Net allinne foar de ûntspanning, mar benammen ek om sûner libben te befoarderjen en minsken opnimme te litten yn sosjale netwurken.
- In âldereinspesjalist yn it gebietstiid kin der foar soargje dat troch falpreviensjelessen en ynformaasje oer sporten de âlderein har fitter en sûner begjint te fielen. FNP Súdwest-Fryslân wol romte jaan foar lytsskalich organisearre soarch. De grutte soarchynstellings ferlieze har maklik yn burokrasy.

1.4. Stypje en fasilitearje fan passende wentebou en oanpassingen fan wenningen.

### Aksjes

- Lytse konsintraasjes fan soarchwenningen en fasiliteiten mooglik meitsje yn doarp en wyk.
- 'Levensloopbestendigheid' fan wenten; eigen ferantwurdlikens, want der binne in soad keapwenten ûnder de nije âlderein.
- FNP Súdwest-Fryslân wol mear aktyf jongerein stypje om in passende wenning op in passend plak te realisearjen. Wy wolle ûndersykje oft in 'bliuwersliening' ek in bydrage leverje kin.
- FNP Súdwest-Fryslân wol romte jaan oan it bouwen fan lytse (tydlike) wenningen.
- By de ynrjochting fan wenwiken mear oandacht foar iensumens, bygelyks moetingplakken.





- 1.5. Elke ynwenner makket diel út fan in sosjaal netwurk. Dat kin it wurk wêze, mar ek in feriening of in oare foarm fan mei-inoar dingen dwaan en inoar treffe.

Hoe wolle wy dat realisearje?

- FNP Súdwest-Fryslân wol ynsette op it stimulearjen en fasilitearjen fan aktiviteiten dy't minsken by inoar bringe. De Spulwike Littens, aktiviteiten Noarderhoek binne dêr goede foarbylden fan. Bining tusken ynwenners en nije ynwenners kin pas ta stân komme as minsken mei-inoar yn kontakt komme.
- It hawwen fan wurk (betelle of net) is dêr hiel belangryk by. FNP Súdwest-Fryslân wol de mooglikheden fan in basislean ûndersykje. Ek sil yn gearwurking mei merkpartijen mear wurk realisearre wurde moatte. FNP Súdwest-Fryslân set dêrby yn op stypjen fan besteande bedriuwen.
- Sosjale koheezje troch gemeente/helpferliener yn wyk/doarp. Wurkje oan it fierder útwreidzjen fan de wikselwurking tusken doarpekoördinator, buertsportcoach en gebietstiim. Gemeentlike meiwurkers, dy't troch goed gear te wurkjen de kânsen foar ynwenners fergrutsje kinne.
- Stypje/Oanjeie/Stimulearje fan in breed sport- en beweechoanbod. FNP Súdwest-Fryslân wol ûndersykje oft it skoalswimmen werom komme kin.



- 1.6. De kâns is grut dat der yn de kommende jierren mear minsken nedich binne om soarch te ferlienen. Foar in part sil dat op frijwillige basis wêze, mar ek sil der mear fraach wêze nei betelle wurk. Minsken dy't langer thús wenje sille mear ferlet hawwe fan help yn 'e tún en hûs. FNP Súdwest-Fryslân wol ynsette op lytsskalige soarch tichtby de minsken dy't soarch nedich ha. Dat betsjut: gjin ûnnedige burokrasy, mar jild dat bestege wurdt oan soarch.

Aksjes

- FNP Súdwest-Fryslân wol in programma opsette foar minsken mei in ôfstân nei de arbeidsmerk om leechdromplich ynset te wurden yn de soarch.
- FNP Súdwest-Fryslân wol stimulearje dat soarchynstellings en hegere skoallen ûnderwiisprogramma's ûntwikkelje en oanbiede om sa te soargjen foar mear meiwurkers yn de soarch dy't optimaal taret binne op de hjoeddeiske praktyk yn de soarch.



- 1.7. Minsken, dy't muoite hawwe om selsstannich te funksjonearjen yn ús mienskip moatte stimulearre en stipe wurde om (wer) mei te dwaan.

#### Aksjes

- FNP Súdwest-Fryslân wol Skuldehelpferliening út in nulsituaasje wei. Der moat ûndersocht wurde oft de gemeente in fûns yn it libben roppe kin om skulden oer te nimmen en skuldsanearjen minsklik ferrinne te litten.
- FNP Súdwest-Fryslân wol ôfspraken meitsje mei wenningboukorporaasjes, doarwarders en nutsbedriuwen om problematyske skulden en húsútsetting foar te kommen.
- FNP Súdwest-Fryslân wol him ynsette om te kommen ta konvenanten mei ynkassobedriuwen om (te) hege ynkassokosten foar te kommen.

De ôfrûne jierren binne in protte minsken (twongen of frijwillich) foar harsels begûn as zjp-er. Foar in grut part fan dizze wurkjenden binne gjin passende kollektive foarsjennings.

- FNP Súdwest-Fryslân wol wurkje oan it realisearjen fan in gemeentlike foarsjenning dêr't zjp-ers harren by oanslute kinne om op dy wize wol gebrûk meitsje te kinnen fan kollektive foarsjennings.



## Haadstik 4

### Tema 2. Leefberens

#### ***Oanlieding***

Alle ynwenners wolle noflik wenje, wurkje en rekreäarje. Selsstannich as dat kin en mei help as dat nedich is. De sitewaasje fan de ynwenner is liedend by it fasilitearjen troch de gemeente. As foarsjenningen fierder fan de ynwenners ôf komme te stean, is it fan belang de winsken fan ynwenners goed yn byld te hawwen. De gemeente sil tichtby de ynwenners stean moatte om ta passende oplossingen te kommen.

Foar ús ynwenners is it wichtich om diel út te meitsjen fan ferieningen. Ek is it wichtich dat hja meidogge oan aktiviteiten as frijwilliger. Dêrnjonken hawwe ús ynwenners soargen oer de foarsjenningen. As foarsjenningen op in gruttere ôfstân komme, moat der wol in mooglikheid wêze om der te kommen. Te tinken falt oan feilige fytsferbiningen of foarmen fan Iepenbier Ferfier. De kommende gearfoeging mei in part fan Littenseradiel is dêryn in kâns.

Mei it oergean fan dat part komt der ek in rike tradysje yn kultuer en ferieningslibben by. De Fryske taal en kultuer binne wichtige dragers fan it Fryske erfgoed en basis fan bestean. It sprekt dan ek foar himsels dat wy dêr iepen en hoeden mei omgean wolle.

Wy ha yn Fryslân twa rykstalen, dy't lykweardich brûkt wurde meie. Wy fine dat de gemeente dêr in foarbyld yn wêze moat.

Op it mêd fan enerzjy binne der moaie útdagings. De FNP Súdwest-Fryslân is der, lykas in protte ynwenners, fan oertsjûge dat it oars moat. No hâlde de kosten ús noch faak tsjin om oer te stappen op hielendal duorsum. FNP Súdwest-Fryslân wol har ynspanne om dêr wat oan te dwaan.



## Wat betsjut dat foar ús program?

- 2.1. Alle ynwenners wolle op in feilige wize nei de (nedige) foarsjenningen. Dat jildt foar bern dy't nei skoalle gean, wurkjenden om op it wurk te kommen en alle ynwenners om bygelyks harren boadskippen te heljen of nei in dokter te gean. Om't dy foarsjenningen har hieltyd mear weromlûke nei de gruttere kearnen binne feilige diken en fytspaden en goed Iepenbier Ferfier fan grut belang.

### Aksjes

- FNP Súdwest-Fryslân wol yn oparbeidzjen mei ús ynwenners wurkje oan in spriedingsplan fan wichtige foarsjenningen as skoallen, sportakkomodaasjes en oare moetingplakken.
- Op basis fan dat spriedingsplan wurdt ynfolling jûn oan in programma 'Feilige fytsrûtes/fytspaden'.
- Yn dat ramt is it ek fan belang rekken te hâlden mei de winsken fan rekreanten. FNP Súdwest-Fryslân wol ek rom oandacht foar (âlde) kuierpaden en ruterpaden.
- De gemeente stimulearret in kombinearre ferfiersoanbod. Dêrby moat oandacht wêze foar bygelyks de buertbus Koudum, Himmelum, Starum, Heidskip, Makkum, mar ek yn Blauhûs, Greonterp, Westhim, Abbegea, ensfh.
- Yn it ramt fan feiligens moat ek each wêze foar iepenbiere ferljochting. Der moat romte wêze foar bygelyks oare foarmen fan ferljochting.
- FNP Súdwest-Fryslân wol mear oandacht foar hanthavenjen. De ôfspraken dy't wy mei-inoar meitsje, moatte ek goed kontrolearre wurde. As in ôfspraak net te kontrolearjen falt, dan kinne wy dy better ek net meitsje.



- 2.2. Lytse skoallen slute as it tal learlingen te folle werom rint. Foar FNP Súdwest-Fryslân is it wichtich dat âlders oan de basis steane fan it al of net trochgean fan in skoalle. As dan blykt dat in skoalle net behâlden bliuwe kin, dan moat de nije ynfolling fan it gebou in bydrage leverje oan de leefberens fan de kearn.

### Aksjes

- FNP Súdwest-Fryslân wol dat de âlders bepale oft der genôch draachflak is om de skoalle iepen te hâlden. Harren miening moat beskiedend wêze as der keazen wurdt foar ien doarpsskoalle.
- As der fusearre wurde moat tusken skoallen moat der stjoering wêze op in goede sprieding. Ek dan moatte de âlders in wichtige stim ha.
- FNP Súdwest-Fryslân wol dat de ynwenners fan in kearn mei-inoar bepale wat der mei in leechsteand skoalgebou barre moat.




- 2.3. Yn oparbeidzjen mei ûnderwiisinstellings komme ta passend oanbod fan opliedings. FNP Súdwest-Fryslân wol de suksesfolle 'oanpak skoalfersom' stevich trochsette.

- 2.4. FNP Súdwest-Fryslân fynt dat doarpshuzen/wykgebouwen passend wêze moatte by de aard en skaal fan de kearn/wyk. It is wichtich dat yn in kearn/wyk in plak is dêr't ynwenners elkoar moetsje kinne. Dat draacht by oan in stevige sosjale struktuer, dêr't eltsenien oan meidwaan kin en mei. Wol is it sa dat in doarps-/wykgebou of MFC allinne besteansrjocht hat as it droegen wurdt troch de ynwenners. Datselde jildt ek foar sportakkomodaasjes. Wichtige foarsjenningen om mei-inoar sport te belibjen.

### Aksjes

- FNP Súdwest-Fryslân wol dat in sintraal moetingplak yn alle kearnen/wiken optimaal fasilitearre wurdt.

- Yn alle gefallen sil it gebietstiid, dúdlik werkenber, gebrûk meitsje moatte fan dat moetingssplak.
- FNP Súdwest-Fryslân wol bliuwend romte jaan oan doarpshuzen/ wykgebouwen en MFC's ta it hâlden fan feesten fan persoanlike aard, dêr't ek alkohol skonken wurde mei.
- FNP Súdwest-Fryslân wol moetingssplakken (keten) foar jongerein legalisearje. 

2.5. It beskikber wêzen fan wenten is in wichtige faktor by leefberens yn in kearn. Dat makket dat jongerein ek yn de eigen omjouwing in plak fynt en meidwaan kin yn de eigen kearn. Foar alle ynwenners moat der in betelbere wenning wêze.

#### Aksjes

- As der dúdlike fraach/ferlet nei wenten is by in kearn, wol de FNP Súdwest-Fryslân in aktive, stimulearjende en fasilitearjende rol fan de gemeentlike organisaasje.
- FNP Súdwest-Fryslân wol ûndersykje oft it mooglik is om yn spesifike sitewaasjes de gemeente sels bouwe te litten.
- FNP Súdwest-Fryslân wol ûndersykje oft de gemeente ynwenners finansjeel helpe kin troch bygelyks lokale koöperaasjes, in revolwearjend fûns of in subsydzjeregeling.
- FNP Súdwest-Fryslân kiest no foar betelbere wenningen boppe nije yndustrygrûn.
- FNP Súdwest-Fryslân wol op it plattelân betelbere en duorsume hierwenningen hâlde. Sa soenen lokale oannimmers wenningen fan in korporeaasje oernimme kinne. Dizze oannimmers eksploitearje en beheare dan de betelbere hierwenningen.
- FNP Súdwest-Fryslân wol kangerowewenten tastean salang't der ferlet fan is. Dêrnei wer fuorthelje.
- FNP Súdwest-Fryslân wol yn it ramt fan in betelbere wenning foar eltsenien romte jaan oan it bouwen fan Lytse Húskes (tiny houses) en tydlike wenningen (10 jier) as de ynwenners dêr it inisjatyf ta nimme. Dat kin benammen foar jongerein yn de lytsere kearnen in moaie tuskenstap wêze.
- FNP Súdwest-Fryslân wol, om it foargeande mooglik te meitsjen, de regels foar 'wolstân' ferromje en de rol fan Hûs & Hiem wat lytser meitsje.

2.6. FNP Súdwest-Fryslân fynt dat al ús ynwenners profitearje moatte fan goede nutsfoarsjenningen. Njonken enerzjy is ien fan dy nutsfoarsjenningen wat FNP Súdwest-Fryslân oanbelanget, it digitale netwurk. Thúswurkje, húswurk meitsje, ynformaasje fan ryk en gemeente wurdt hieltyd mear digitaal. Ek de belêstingojefte ynfolje 'moat' digitaal. Boeren en bedriuwen kinne net sûnder. By supermerken kin men al digitaal boadskiplistkes ynleverje. De wrâld om ús hinne feroaret datoangeande.



#### Aksjes

- Der moat mei faasje in dekkend glêstried-netwurk oanlein wurde yn de hiele gemeente. FNP Súdwest-Fryslân hat dêrby de foarkar foar in provinsjaal kabelbedriuw lyk as KabelNoord.

2.7. De FNP wol dat de gemeente Súdwest-Fryslân, lykas de gemeente De Fryske Marren dien hat, de koöperaasje "De Fryske Mienskip op Glês (DFM op glês) stipet mei in efterstelde liening. Mei behelp fan dizze liening kinne ek de grize gebieden en bedriuweterreinen yn Súdwest-Fryslân ûntslúten wurde mei glêsfazel. It bedrach fan dizze liening sil tusken de 5 en 10 miljoen euro lizze moatte, wol dit siedden oan de dyk sette. It eksakte bedrach moat yn oerlis mei DFM op Glês oerinekommen wurde.



De liening kin ôfslúten wurde tsjin in oannimlik taryf by de BNG en tsjin merkkonform taryf beskikber steld wurde foar DFM.

- 2.8. Spesjaal yn Súdwest-Fryslân spilet de oanwêzigens fan kultureel erfgoed, lyk as âlde tsjerken, gebouwen, museums en ynrjochting lanlike gebieten in wichtige rol. Dêr moatte wy dan ek hoeden mei omgean.

Aksjes

- De gemeente moat komme ta in spesjaal fûns foar it ûnderhâld fan kultureel erfgoed

- 2.9. As it giet oer leefberens, dan is it wichtich dat der romte is foar ûndernimmers en ûndernimmerskip. Dêryn leit in kâns om de leefberens yn alle kearnen te stypjen.

Aksjes

- De FNP stiet posityf yn it ferlienen fan oare bestimmingen foar (agraryske) bedriuwsgebouwen om romte te jaan oan ûndernimmen.
- Bedriuwûntwikkeling wurdt stimulearre en inisjearre nei aard en skaal fan de omjouwing. FNP Súdwest-Fryslân leit it aksint op de besteande ûndernimmers.
- It útwreidzjen en/of realisearjen fan grutskalige yndustryterreinen mei net ta skea fan de oanwêzigens en/of útwreiding fan lytsere bedriuwsterreinen by de lytsere kearnen gear.



- 2.10. FNP Súdwest-Fryslân sjocht krimp net as in fanselssprekkend barren. Krimp is ek in kâns.

Aksjes

- As foarsjenningen ferdwine is it saak goeie ferbiningen oan te lizzen.
- As jongerein yn it doarp wenjen bliuwe wol, moatte wy dat stimulearje troch harren in kâns te jaan in wente te bouwen foar harsels.
- FNP Súdwest-Fryslân wol mei de ynwenners sykje nei de bêste wize om de leefberens yn alle kearnen better te meitsjen. Alles nei aard en skaal fan de kearn.
- FNP Súdwest-Fryslân wol de Dokterswacht werom yn Koudum.

- 2.11. Leefomjouwing wurdt yn grutte mjitte bepaald troch kultuer en taal. Krekt dêr meitsje wy yn Súdwest-Fryslân it ferskil. Mei in rike kultuer, dy't foar elkenien berikber wêze moat. Dêr heart ek it gebrûk fan de Fryske taal by. Dat is foar ús gemeente fêstlein yn it Konvenant Frysk

Aksjes

- FNP Súdwest-Fryslân wol in stevige evaluaasje fan it Konvenant Frysk. Wat is der ôfpraat en fiert de gemeente dat út?
- FNP Súdwest-Fryslân wol in aksje ynsette om it Frysk op strjitte foarút te helpen.
- FNP Súdwest-Fryslân wol ûndersykje op hokker wize de rike kultuer yn ús gemeente stipe wurde moat. Der sil mear jild nei kultuer moatte, wolle wy dat op in goede wize trochjaan kinne oan ús bern.
- De FNP wol dat Frysk prate by de subsidiearre 'Lokale Omroep Súdwest-Fryslân' wer fanselssprekkend is.

## Haadstik 5.

### Tema 3. Lânskip, de romte om ús hinne

#### **Oanlieding**

Ús ynwenners binne bliid mei it grut ferskaat yn harren omjouwing. Yn de 'grutte' stêden Snits en Boalsert wurdt op ferskate wize ynfolling jûn oan de griene romte. Yn Snits bygelyks komt it grien werom op it âlde bolwurk. Yn de lytsere kearnen is op in soad plakken noch romte by't soad foar grien en romte om te boartsjen foar de bern. In grut part fan de gemeente hat noch in iepen lânskip dêr't jo genietsje kinne fan moaie fiergesichten. It wetter en lân binne op in prachtige wize mei-inoar ferbûn. Dat makket Fryslân; dat makket ús gemeente Súdwest-Fryslân ta in útnûgjende omjouwing en gebiet foar de ynwenners en rekreatanten. It is wichtich om dy sfear, dy omjouwing sa goed as mooglik te bewarjen en sa nedich te fersterkjen.

De griene omjouwing is foar ús ynwenners tige wichtich. Dêrby moat dan ek de mooglikheid wêze foar de ynbring fan ús ynwenners. Wy fine dat de gemeente altyd ferantwurdlik is foar it ûnderhâld oan grien, diken en wetter. Ek as ynwenners dêr in rol by spylje.



#### **Wat betsjut dat foar ús program?**

##### 3.1. De iepen romte om ús hinne.

Foar ús ynwenners is it dúdlik: goed ûnderhâld fan iepenbier grien, feilige diken en fytspaden binne wichtige gemeentlike taken. It stiet ticht by de minsken en fuortsterket it wennocht.

##### Aksjes:

- FNP Súdwest-Fryslân wol feilige fytsrûtes, yn it bysûnder fan en nei skoallen.
- FNP Súdwest-Fryslân wol dat der jild frijmakke wurdt om gefaarlike oerstekken by drokke diken oanpakke te kinnen.
- FNP Súdwest-Fryslân wol ynsette op ûnkrûdfrije paden, diken en perkjes op natuerfreonlike wize.
- FNP Súdwest-Fryslân wol ynsette op ekologysk ûnderhâld fan bermen, grienstripen, beamsingels, parken. Stimulearjen en stypjen fan it bioferskaat.
- FNP Súdwest-Fryslân wol yn gearwurking mei de ynwenners komme ta grienplannen foar harren omjouwing.
- FNP Súdwest-Fryslân wol inisjatyf nimme foar de oanlis fan wyk- doarps- en geatunen
- FNP Súdwest-Fryslân wol mear romte hâlde foar bygelyks ûnderhâld fan opfearten, lytse boatehellings, lytsere doarpshavens, ensfh.
- FNP Súdwest-Fryslân wol ûndersykje oft it mooglik is om by de (lytsere) kearnen spesjale parkearplakken te meitsjen foar frachtweinen.



### 3.2. Romtlike Oardering en miljeu

De kwaliteit fan it Fryse lân sit boppe likegoed as yn de grûn. Wy sille hoeden omgean moatte mei de romte om ús hinne. FNP Súdwest-Fryslân fynt oandacht foar bioferskaat en biologysk buorkjen fan grut belang.

De boer, bisten en boargers moatte goed wurkje en libje kinne. FNP Súdwest-Fryslân wol ynsette op it petear tusken boeren en natuerorganisaasjes om mei inoar ta in passende oanpak foar de greide te kommen. It doel fan allegearre moat wêze om it lykwicht yn de natuer werom te bringen.

Aksjes:

- FNP Súdwest-Fryslân wol duorsume en oan 'e grûnbûne lânbou stimulearje.
- FNP Súdwest-Fryslân wol boeren romte jaan om yn te spyljen op nije ûntwikkelingen. It giet FNP Súdwest-Fryslân dan net om skaalfergrutting, mar foaral om it ferantwurde omgean mei minske, bist en lân en it fertsjinjen fan in goed stik brea.
- FNP Súdwest-Fryslân wol mear omtinken foar de eigen streekprodukten.
- FNP Súdwest-Fryslân wol stribje nei it ynstânhâlden fan besteande lânskiplike struktueren. Ek dat is part fan ús kultureel erfguod.
- FNP Súdwest-Fryslân is gjin foarstanner fan útwreiding fan lange linten fan yndustryterreinen by de A7 del. It gebiet tusken Snits-Boalsert en Snits-De Jouwer bliuwt dêr frij fan.
- FNP Súdwest-Fryslân wol mear lytsskalige rekreaasje yn it bûtengebied tastean.
- FNP Súdwest-Fryslân wol dat ynwenners en besikers fan Súdwest-Fryslân gjin lêst hawwe fan oanfleanrûtes fan fleantugen.
- FNP Súdwest-Fryslân wol gjin grutskalige dongfergêsters yn of by de kearnen. Dêr is in yndustryterrein foar. Wol sjogge wy kânsen foar lytse dongfergêsters op en foar it eigen agraryske bedriuw.

### 3.3. Enerzjy

FNP Súdwest-Fryslân fernimt dat der hieltyd mear oandacht foar oare foarmen fan enerzjy komt. Dêr binne wy wiis mei. FNP Súdwest-Fryslân wol dêr op ynspylje troch stimulearringsmaatregels yn te setten om de betelberens tichterby te heljen.

Aksjes:

- FNP Súdwest-Fryslân wol mear romte foar alternative foarmen fan enerzjy troch inisjativen fan ynwenners en de saneamde lokale ekonomy te stimulearjen, sûnder it lânskip oan te taasten.
- FNP Súdwest-Fryslân wol aktyf dielnimme oan 'Fossyl Frij Fryslân'
- FNP Súdwest-Fryslân wol by (fer)bou fan huzen en bedriuwgebouwen standert 'fiergeand enerzjy neutraal' as eask meinimme.
- Neist de 'Enerzjysprong' sa't dy yn ús gemeente wurke hat wol FNP Súdwest-Fryslân ynstekke op in subsydzjeregeling om ynwenners te stimulearjen de gaslieding ôf te sluten en allinne gebrûk te meitsjen fan elektrysk.
- FNP Súdwest-Fryslân is foar it op 'e nij yntrodusearjen fan de reinwetterbak as 'griiswetter sirkwy' duorsumens.
- FNP Súdwest-Fryslân wol lokale inisjativen sa as enerzjykoöperaasjes omearmje en fasilitearje mei in subsydzjeregeling
- FNP Súdwest-Fryslân wol gjin gaswinning. It jout skea oan lânskip, miljeu en bouwurken.
- FNP Súdwest-Fryslân wol de opbringsten út it Wynpark Fryslân te'n goede komme litte oan de fierdere ferduorsuming troch de ynwenners.



- FNP Súdwest-Fryslân wol dat de (provinsjale) Stimulearingsregeling om asbest op te romjen en te ferfangen troch sinnepanielen ferlinge wurdt en dat de gemeente ûndersiket oft it mooglik is om in oanfoljende subsydzjereging op te setten.

## ***FNP en har plak yn de wrâld***

**FNP Súdwest-Fryslân** is ien fan de ôfdielingen fan de provinsjale **Frysk Nasjonale Partij**. Binnen de FNP is elke ôfdieling selsstannich. Dêrmei kinne wy as FNP-ôfdieling optimaal oanslute by wat yn de gemeente Súdwest-Fryslân spilet. Sa bringe wy de wrâld fan ús ynwenners sa goed as mooglik yn de Ried fan Súdwest-Fryslân. Op dit stuit dogge wy dat mei 5 riedsleden en in wethâlder.

As provinsjale partij kinne wy oansluteby al de **150 fertsjintwurdigers yn de Twadde Keamer**, salang't sy de kearnwearden fan de FNP yn har dwaan en litten nei foarren komme litte. Fansels leit de iene partij tichterby as de oare, mar wy tinke hjirmei grut foardiel te heljen om't it nea sa is dat ien lanlike partij de wysheid yn pacht hat op alle wichtige tema's. As it nedich is, en de goeie saak fierder helpt, sykje wy per tema stipe.

Wy binne as provinsjale partij oansletten by de lanlike **Onafhankelijke Senaats Fractie (OSF)** en dêrmei ha wy in fertsjintwurdiger yn de **Earste Keamer**. Op dit stuit is dat FNP-lid senator Hindrik ten Hoeve.

**Europeesk** sjoen is de FNP in aktyf lid fan de **Europeeske Frije Alliânsje (EFA)**. Dat is in Europeeske partij dêr't sa'n 40 partijen út de 13 EU-lannen yn fertsjintwurdige binne. De EFA-fraksje bestiet op dit stuit út 6 leden. De fraksje wurdt aktyf stipe troch it EFA-buro dêr't ek de FNP in aktive rol yn spilet. Sa ha wy as FNP ek streekkrjocht ynfloed yn it **Europeeske Parlemint**.

